

Maart 2024

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 69 nr.2

Wat sit der yn de koer?

Programma 2023-2024

Datum	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
sneon 6 apr. 2024	Seist-N	14:00 oere	In bysûndere middei fersoarge troch muzykduo Friersk ; sjoch siden 6 en 7

*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist; Utrecht-B = Bijkershoek, Utrecht

Meidielingen bestjoer

Us jierlikse Algemiene Ledegearkomste én earste middei fan it winterskoft 2024/2025 is op sneon 14 septimber 2024 fanôf 14:00 oere. Set dizze datum alfêst in jo bûsboekje!

Ledenijs

- Wy ha berjocht krigen, dat ús lid Yme Fopma ferstoarn is. Yn dizze Kritekoer is in *Yn Memoriam* opnaam.
- Op de kritermiddei fan 2 maart 2024 hawwe wy trije nije leden ynskriuwe kinnen: dit binne **mefrou Gussekloo** út Seist en de **hear en mefrou Van Eijk**, ek út Seist. Wolkom by de krite!

Keninklik Frysk Boun om Utens

(www.fryskbutenfryslan.frl)

De jierlikse dei fan it Boun mei de Algemiene Gearkomste (AG) en Moetings- en Ynspiraasje-middei (MYM) wie op sneon 16 maart 2024 yn Nijeveen, flakby Meppel. Us kritelid Piet Bloemsma hie him beskikber steld en is yn it Bounsbestjoer keazen. Wy winskje Piet in soad sukses!



Bounsfoarsitter Jan Bijkerk hjit Piet Bloemsma wolkom yn it bestjoer.



Nei de AG folge in nijsgjirrige lêzing oer de Fryske skriuwer Waling Dijkstra en dêrnei fierde gastkrite Meppel har 100-jierrich jubileum mei û.o. in muzikaal optreden fan de bekende Fryske sjonger Piter Wilkens. Mei sa'n 90 oanwêzigen, wêrûnder de boargemaster fan Meppel en deputearre Eke Folkerts, wie it in moaie en gesellige dei yn Nijeveen.

Fan de foarsitter

Dit is al wer de lêste Kritekoer fan it kritejier. Sa is op 6 april ús lêste gearkomste. Dan komt muzykduo Friersk om 14 oere om ús te fermeitsjen. Koartsein: dat wurdt in gesellige gearkomste. De middei mei Hymp Hamp op 2 maart wie in grut sukses. Der wienen 32 minsken en wy hawwe bot lake! Fierderop yn dizze Kritekoer fine jimme in ferslachje. It wie in moaie middei. Ynkoarten komme wy as bestjoer wer by inoar om it programma foar it nije winterskoft wer ta te rieden. Dat wurdt noch in drege opjefte, fanwegen de hege kosten dy't frege wurde foar selskippen út Fryslân. Wy sille sjen hoe't it útpakt allegearre. As jimme noch winsken hawwe, nim dan efkes kontakt op mei my. Dan kinne wy altyd sjen of it kin!

Ferline sneon (9 maart) wienen Jan Piet en ik yn Hurderwyk. Dêr wie de lêste middei fan de krite 'Meiinoar Ien' (krekt sa as wy hjitte!). Hjirnei wurdt de krite opheft. Se kinne gjin bestjoersleden mear fine of krije. Spitich foar harren! It wie in moaie middei. Mei in ferlotting wûn ik in heale sûkerbôle. Dy hat myn soan krigen, doe 't se de sneins by my kamen. Ik krige de oare deis in gesellich appke fan myn jongste bernsbarn, dat se lekker smûsd (is 'gesmuld') hie, en in grouwe tút! Se frege wannear ik wer in Fryske middei hie mei sûkerbôle. "Koop je er dan één, ik vind het zo lekker!" Dat wist ik trouwens al, mar ik soe it ris ferjitte!

Dat bringt my by it folgjende: op 6 april hawwe wy wer bakkersguod yn de ferkeap! Oranjekoeken, keallepoaten en sûkerbôlen. Dus dan kin ik wer wat meinimme en jimme ek.

Foar no: it alderbêste foar elkenien en in hertlike groet fan

Pietie Westdijk-Kaastra



Yn memoriam Yme Fopma

Op 14 febrewaris 2024 is ferstoarn ús lid Yme Fopma. Yme is berne yn Mantgum op 5 maart 1937. Troch syn wurk is hy yn de provinsje Utrecht telâne kaam. Hy kaam te wurkjen by it ‘Consulentschap voor Rundveehouderij’. Yme hat him, neist syn wurk, syn hiele libben ynset foar ferskate ferienings. Yn dy ferienings hie der meastentiids ek in bestjoersfunksje. Foar al dy ynset is hy beleanne doe’t hy yn 2012 opnaam is as ‘Lid in de Orde van Oranje-Nassau’.

Ek foar de krite hat de famylje Fopma har ynset. Yme en Boatsje binne yn novimber 1997 lid wurden fan Selskip Fryslân. Yn 2011 lei Boatsje, nei 7 jier, de foarsittershammer del. Yme is doe ponghâlder wurden. Dat koe doe, want hy woe gjin bestjoerslid wêze as Boatsje yn it bestjoer siet. Foar 2011 hie hy – bûten it bestjoer – al jierrenlang it bewâld oer de sinten hân. Yn 2018 is Yme út it bestjoer gien, omdat de famylje doe nei Meppel ferhuze. Se hienen doe 55 jier yn IJsselstein wenne.

Op de roukaart waard Yme omskreaun as:

*Sosjaal en belutsen
beskieden en eigensinnich
bliermoedich en leafdefol ta de ein
immen om foar altyd fan te hâlden
immen om nea te ferjitten*

De ôfskiedstsjinst wie op 20 febrewaris 2024 yn Meppel. Yn in grôtfolle seal ha famylje en kunde dit ôfskie bywenne. Ut namme fan de Fyske krite wienen twa bestjoersleden oanwêzich.

Jan Piet





De ING Bank en it Frysk

It belied fan de ING Bank oangeande it Frysk kaam yn it nijs. Dit kaam oan it ljocht nei oanlieding fan in melding fan rjochtbanktolk Fedde Dijkstra, in klant fan ING. Dijkstra spruts oan de telefoan mei in meiwurker fan ING dy't wol Frysktalich is, mar fan de bank gjin Frysk prate mocht. Neffens de bank hat dat te krijen mei de technology dy't brûkt wurdt om petearen fan meiwurkers te analysearjen.

Dit die mei tinken oan in gedicht fan Ed. Hoornik (1910 – 1970). Wat taal betsjut foar in minske, hat hy ris treffend beskreaun. It gedicht giet sa:

Friesland

Niet in mijn dorpen en elf steden,
niet in mijn meren en mijn heerlijkheden
ben ik het meest mijzelf, maar in mijn taal:
het instrument waardoor ik ademhaal

Ed. Hoornik

Ik soe sizze: lit it bankbestjoer hjir ris nota fan nimme at se it belied oangeande de twatalichheid fêststelle wolle.

Opmerking: yn Ljouwert is in poëzyrûte. Dit gedicht fan Ed. Hoornik makket diel út fan dizze rûte.

Jan Piet



It bestjoer fan
SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út
foar in muzikale middei mei

Friersk

Duo Friersk bestiet út:

Chris Kalsbeek: sang, gitaren, bousâlki, Keltyske harp; en
Geert Veldstra: (alt)hobo, mûleharmonika, lûkpûde en sang.





It alsidige duo Friersk hat inoar fûn yn de Keltyske muzyk, mar se meitsje krekt sa maklik in útstapke nei pop, blues of klassyk. Se helje op it poadium alles út de kast foar in ferrassende muzikale belibbing mei poëzy en sterke ferhalen. Foar de Fryske krite wurdt it aksint lein op ferskes yn de Fryske taal. Kom allegearre nei dizze lêste gearkomste fan it winterskoft en

priuw de sfear fan Ierske kusten en Fryske greiden!

Datum:	sneon 6 april 2024
Lokaasje:	Noorderlichtkerk, Bergweg 92b, Seist
Ynrin:	fanôf 13:30 oere
Oanfang:	14:00 oere
Kosten:	€ 10,- ynklusyf kofje of tee; graach kontant betelje



Dizze middei ek ferkeap fan bakkersguod en healsliten boeken!



Ferfier nei de krite middei mei Friersk

Wy hawwe mei inoar ôfpraat, dat elkenien nei elke gearkomste komme kinne moat. Dêrom ride der nei alle krite middeis en krite jûnen auto's dy't jo ophelje kinne: **Fryske taksys!** Om mei te riden kinne jo jo opjaan by Trieneke Vos (030 – 691 6081), **uterlik op tiisdei 2 april 2024**. Wurdt de tillefoan net opnommen? Besykje it dan letter noch in kear, of sprek dizze boadskip yn:

“Mei Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn telefoannummer is ”

Wy soargje foar it nedige tal auto's. Jo wurde ophelle by de foardoar en krije te hearren hoe let jo klear stean moatte. Wolle jo ek wol in kear **Frysketaksy-sjauffeur** wêze of hawwe jo noch in plakje oer yn de auto? Jou dit dan troch oan it bestjoer of nim sels in oar kritelid mei.

Elkenien kin meidwaan; wy binne Mei Inoar Ien!



Kritemiddei mei HympHamp Theater (sneon 2 maart 2024)

Pietie Westdijk koe in moaie sealfol (32) minsken wolkom hjitte. Nei it sjongen fan it Frysk folksliet gong it los.

Der wiene sketsen mei nuveraardige types sa as Klaas en Sippy op it pontsjie (Klaas waard omskreaun as: “Der brânt wol ljocht yn de holle, mar der is net ien thús”), de types mei ‘folop frou yn beweging’, it stil spul mei de fjouwer persoanen dy sitte te krantlêzen en it ferbliuw yn in ‘tiny hûs’. Mar ek gefoelige ferskes oer pake en beppe en oer de noed fan in heit oer syn dochter, dy’t yn it libben feroaret yn soarch fan de dochter oer har heit.

It opkommen nei it skoft wie ek bysûnder: twa persoanen wiene útrist as wc-skjinmakers, se hienen ek de wc yn seal fan Noorderlichttsjerke efkes neisjoen. Se seinen dat se neist harren wurk ek in bedriuw hienen. Se makken reklame foar wc-papier dat oan twa kanten brûkt en dan útwosken wurde koe; sa koe men tige besparje op de kosten!

Gearfetsjend: wy ha in kostlike middei hân, mei as daverjend slot it shantykoar ‘De Sinking Ships’!

Jan Piet







Om by stil te stean

As der nijs is út myn berteplak Burgum, dêr't ik hikke en tein bin, bin ik altyd nijsgjirrich wat foar nijs it is. Yn 'e hjerst fan it foarige jier krige ik in hiel bysûnder appke.

Yn 'e twadde wrâldoarloch hat it Joadske pear Paul en Klara Kaufmann ûnderdûkt west by de famylje Pietersma yn Burgum. Yn it begjin fan harren trouwen wenne it pear yn Amsterdam dêr't twa bern berne binne. Yn 'e jierren '20 en begjin jierren '30 wennen sy yn Dútslân, mar troch it opkommend antysemitisme binne sy werom gien nei Amsterdam. It wie in ûndraachlike tiid foar it ûnderdûkte pear. Se moasten faak sûnder harren bern de tiid trochkomme; dy sieten op in oar plak ûnderdûkt.

Paul is op 7 oktober 1943 ferstoarn en doe hie de famylje Pietersma in grut probleem. Hoe koe it stoflik oerskot fan de Joadske ûnderdûker op earfolle wize begroeven wurde? Lokkich brocht dokter Hornstra, húsdokter yn Burgum, krekt op 'e tiid útkomst. Hy hat foar de papieren soarge, want sy soenen hast oergean ta it beïerdigjen yn harren tún. Frou Pietersma hat, mei dokter Hornstra, Paul Kaufmann op 't hôf brocht.

De beide bern binne oppakt en yn maart 1943 yn Sobibor fergast. Klara hat de oarlochsjierrren oerlibbe en is yn de âldens fan 92 jier ferstoarn.

It neiteam fan de famylje Pietersma wie fan betinken, dat in ûnfergonklik earbewiis yn de foarm fan stroffelstiennen op syn plak wêze soe. Op 25 novimber 2023 binne se troch de Dútske keunstner Günter Demnig, de betinker fan de stroffelstiennen, te plak lein yn it trottoir foar it ûnderdûkershûs.

Fan alle stientsjes binne dit, oant no ta, de ienige yn de Fryske taal.

Trieneke Vos



Foto: Sjaak Verboon



Bylden: Omrop Fryslân





KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@kpnmail.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

woansdei 14 augustus 2024

